

# KRYPTOGRAM 221a

## Horizontaal

2 Fuotsjes-fan-de-flier? Nee, de posten. (11); 8 Keppelbaas fan Tinder (15); 9 De earste frou dy 't weromgroetet (3); 10 Oerstjoer toch sechtich minuten yn 't tsjerke (7); 11 Famke yn Winaam (3); 12 Hûn dy 't de moade bepaalt (11); 15 Sterke fûgel (6); 18 Dy priizget de tiid fan doe (6); 20 Wat der fan Sleat oerbleaun is (5); 21 Wynrjochting dy 't foarop heart te gean (4); 22 Sa hjit de hûn (4); 23 Iisdônser yn de bleate kont? (9); 26 Skea dy 't feroarsake waard troch de bile (4); 27 De kaptein is himsels wer (4); 28 Jonge Arabier by it ferbeane leger (7); 29 Hja dogge net mear mei, mei dy ynstruminten (7).

## Fertikaal

1 Hjir hingje de klean fan de wacht (9); 2 Beskermhear (7); 3 Ferhearde weitsers (10); 4 De oanfjerders binne fan de klok (7); 5 Hjirop sit in diskjockey (10); 6 As tûnman hat er net ferlet fan soere rein (7); 7 Sportman dy 't in fûst makket (9); 13 Fergeand goa (9); 14 Blommeslinger


makke fan lof (9); 16 Slept de einefanger op in skip? (7); 17 Keaper fan in spantsje (6); 19 Van der Veen wennet yn Equador (7); 24 Moanneblêd dat ek fan efter nei foaren lêzen wurde kin (4); 25 Twa fotosjenike fûgels yn in tsjustere romte (4).

As it kryptogram klear is, fine jo yn de hokjes: 23 - 9 - 26 - 7 - 19 - 4 in Fryske plaknamme.

Mail dy namme nei denksport@lc.nl, ûnder fermelding fan Kryptogram 221a. Of skriu dy namme op in brievekaart en stjoer dy oan: Redaksje Ljouwerter Krante, postbus 394, 8901 BD Ljouwert, mei op de adreskant: Kryptogram 221a.

De oplossing moat op syn lêst tongersdeitemoarn **4 jannewaris** by ús wêze. Under de ynstjoerders fan de goede oplossing wurdt in boekebon ferlotte.

**BOEKEBON t.w.v. €25,-**



Kryptogram 220a:

Plaknamme:  
**WÛNS**  
Winner Boekebon:  
A.J. Bouwman, Leeuwarden